


Handwritten text in a circular arrangement, possibly a poem or a list of names, written in a cursive script. The text is partially obscured by the orange circle graphic.

# FeRstival



Fersen FeRstival 2018



# FeRstival

Kar fan fersen en gearstalling FeRsefariaasje:  
Broer Zonderland, Marrit de Schiffart  
en Jacob Kingma

Organisaasje

**Cedin**  
Sintrum meartaligens

Jelle Bangma / Marrit de Schiffart  
Lavendelheide 21  
9202 PD Drachten  
0880 200 300  
j.bangma@cedin.nl

# Ynhâldsopjefte

<b>Algemeine ynformaasje FeRstival 2018</b>	<b>5</b>
<b>Foardrage, in stikje teory</b>	<b>8</b>
<b>Fersen Starters</b>	<b>11</b>
<b>Fersen Trochsetters</b>	<b>25</b>
<b>Fersen Toppers</b>	<b>37</b>
<b>Ynhâld fersen 2018</b>	<b>48</b>

# Algemiene ynformaasje FeRstival 2018

Elke learling fan in skoalle foar fuortset ûnderwiis kin meidwaan oan it FeRstival. Wy wolle graach dat de opjefte sintraal bart troch de direksje of de learaar/learares dy't de organisaasje op him/har nimme wol, mar learlingen dy't net fia de skoalle yn it besit fan dit boekje kommen binne, kinne har sels opjaan.

It tal dielnimmers per skoalle of ôfdieling fan in skoallemienskip moat foar **alle groepen** beheind wurde ta **fiif** per groep.

## **Der binne - by foldwaande dielnimmers - fjouwer groepen yn de heale finales:**

- Groep **Starters A:** learlingen út de earste klasse fmbû
- Groep **Starters B:** learlingen út de earste klasse hafû/twû/gymnasium
- Groep **Trochsetters:** learlingen út de klassen 2 en 3
- Groep **Toppers:** learlingen út klasse 4 of studinten mbû/hbû

Elke dielnimmer moat in fers kieze út ien fan de trije skiften: Starters, Trochsetters of Toppers.

# Opjefte

Opjefte fan de dielnimmers moat dien wurde troch it ynfoljen fan it bysletten opjefteformulier. Dat moat **uterlik freed 19 oktober 2018** binnen wêze op it organisaasjeadres.

Foar de goede gong fan saken moatte wy jim omtinken freegje foar it neikommende:

Telefoanyske opjefte is net mooglik. Dat kin maklik ta misferstannen liede. Inkeld skriftlike opjeften, of per mail: [j.bangma@cedin.nl](mailto:j.bangma@cedin.nl).

Yn dy opjefte moat stean: **kategory, namme, wenplak en namme fan de skoalle** (sjoch bygeand opjefteformulier; ien eksimplaar is foar de begelieder sels).

Ekstra boekjes bestelle kin fia Gerrit Hoekstra  
0880 200 300 of mail nei: [g.hoekstra@cedin.nl](mailto:g.hoekstra@cedin.nl)

# Heale finales

De heale finales wurde hâlden op **twa** data en **trije** plakken

- op **freedtemiddei 9 novimber** yn De Lawei yn **Drachten**, Laweiplein 1, tel. 0512 335 000
- op **freedtemiddei 9 novimber** yn Bowling/Partycentrum De Stolp yn **Snits**, Smidsstrjitte 6, tel. 0515 424 044
- op **freedtemiddei 16 novimber** yn Schaaf City Theater, Breedstraat 48, yn **Ljouwert**, tel. 058 215 8003

Oanfang alle kearen om 13.30 oere.

Nei it folsleine oersjoch fan dielnimmers, sille dy ferdiel wurde oer de trije plakken. Dêr komt dan berjocht oer.

# Finale

De finale sil hâlden wurde op:

**Sneon 15 desimber 2018**  
yn **Het Posthuis op It Hearrenfean**  
Oanfang: 13.30 oere.

Yn de finale moatte de finalisten in sels útkeazen fers foardrage.  
In kopy fan dat fers moat uterlik **freed 30 novimber** binnen wêze op it organisaasjeadres.  
Op dy kopy moatte namme, wenplak en skoalle fan de foardrager stean.  
Starters meie itselfde fers as yn de heale finale foardrage.

De prizen besteane út wikselbekers (foar de skoallen), earetekens en boeken. Op alle middeis binne leararen, âlden en (skoal)freonen fan de dielnimmers fan herte wolkom! De tagong is alle kearen fergees.

Ek fan 't jier hat in tal dichters en dichterssen foar de foardrachtwedstriid fersen skreaun en opstjoerd. Wy binne dy dichters dêr tige tankber foar.

Ta beslút freegje wy noch jimme omtinken foar de ynliding oer it foardragen op side 8 oant 11, dy't Klas Bijkerk-Folmer, Tsjerk Veenstra en Mindert Wijnstra skreaun hawwe foar de dielnimmers/-sters én foar de begelieders.

# Foardrage, in stikje teory

It hat bliken dien dat der ferlet is fan dúdlikens oer guon aspekten fan it foardragen.

Wy hawwe besocht om wat algemiene opfettingen byinoar te swyljen, dy't ek yn de literatuer foarkomme.\*)

Hoewol't jo ek dêr tsjinstelde mieningen oantreffe, mei wat folget as algemien ûnderskreaun jilde.

Wat is it doel fan it foardragen? Alderearst bart it út 'e holle, sûnder help fan de tekst op papier. Dan kin men oaren genietsje litte fan wat de dichter makke hat. Wat de dichter sjoen, oandien, beweegd hat, wat syn idee is, moat de foardrager oerbringe op de harker. De foardrager is dus allinne medium, middel ta it doel. Hy soe likegoed ûnsichtber wêze kinne (dat bart nammentlik ek foar de radio).

## Wat hâldt dat útgongspunt yn foar:

### A. Hâlding en gebear

Dat dy sa ûnopfallend mooglik binne. Gewoan op twa fuotten stean; net fan 'e iene foet op 'e oare hippe; holle rjocht hâlde en de earms gewoan hingje litte. (Ton Lutz hat ris sein: "Laat die dingen hangen, zo zijn wij nu eenmaal geschapen.") Earms feroarje út harsels fan hâlding as - op hiel natuerlike wize - de hannen bygelyks romte oantsjutte wolle.

De klam moat op it natuerlike lizze. Dochs moat de foardrager him der fan bewust wêze wat er docht. Hy moat him bewust meitsje (of meitsje litte troch syn begelieder) fan wat der 'natuerlik' út 'e tekst komt.

Oars sein: dat in blom út 'e grûn komt en de stjerren oan 'e himel stean, wit elkenien. Dat hoecht net oantsjut te wurden. Dy hege toer kin nimmen mei de earms by, dat hat dus ek gjin doel. Mar hannen geane wol, soms hiel natuerlik - fan eangst of skrik bygelyks - nei de holle. Net te kearen! Sa net, benammen yn de A-groep, by de koartswilige, anekdoatyske ferskes dêr kin it wat mear lije. Dúdliker kinne wy net wêze, spitigernôch. Noch oars sein: de dichter hat syn fers de wrâld ynstjoerd; it is him sa nei 't sin, de foardrager hoecht it net te ferbetterjen of te ferdúdlikjen mei gebearnten of sterk dramatyske mimyk.

## B. Mimyk

Gesichtsekspresje. Wat is der op it gesicht te lêzen? As it fers goed trochlibbe is, sil it antlit dat ferriede. As de blidens dy't út de wurden sprekt net oan de bûtenkant sit, mar fan binnen út komt, dan litte de eagen, it hiele gesicht dat út harsels sjen. Net te kearen emoasjes. De eagen binne o sa wichtich. Dêr sjocht de taskôger oan wat de foardrager sjocht. Dêr kin de romte mei oantsjut wurde dy't de dichter beskreaun hat. Fier en tichtby, heech en leech, mar ek de romte yn ús: wy kinne ek nei binnen sjen. Eagen kinne in soad ferriede. Se moatte 'derby wêze' en net rûnom hinne fleane.

## C. It lûd, de stim

Dy binne du haadsaak, sa docht út ús útgongspunten bliken. Sa't de dichter it opskreaun hat, moat it sein wurde; net oars. Net in toanleaze -e mei mist wurde. It seit himsels dat de algemiene regels fan de útspraak oanhâlden wurde moatte. Beleaven gjin staveringsútspraak. Oppasse mei slim dialektysk kleurde útspraak. Pas op foar 'bjartsje', 'mjorre', ensfh. Goed artikulearje fansels, mar ek wer net sa dat it sizzen ûnnatuerlik wurdt. Dat wol ek sizze: om 'e assimilaasje tinke ('hy hat de' wurdt meastal 'hy hatte'), mar altyd it ritme achtslaan; de sinsmelody moat goed fersoarge wurde. It folume moat op syn sêftst goed te ferstean wêze; by fersoarge artikulaasje kin it hiel wat lije.

## D. De kar

De foardrager kin net in goed medium wêze as er it fers net goed begrypt. De kar fan it fers is dus tige wichtich. Fers en foardrager moatte inoar lizze. Net alle fersen binne gaadlik om foar te dragen. Net elkenien kin dúdlik meitsje hoe't it moatte soe. It moaiste is as de foardrager sels de kar docht en him it fers eigen makket, mar in betûfte helper kin in soad dwaan. Hy docht it moaiste wurk as er de foardrager ta sels sjen, hearren en begripen bringt.

Dat kostet faak in soad tiid, mar foldwaning, oandwaning en tadienens fergoedzje in soad.

Dat betsjut ek dat de kar net te maklik wêze moat, der mei bêst wat wraksele wurde. It soe faaks in goed ding wêze en begjin al foar de foarronde te sykjen nei fersen foar de finale. Enne... wy hawwe mear dichters en gedichten as faak bliken docht by de finale.



Noch even wat oer it oankundigjen en sa fan it fers. Gebrûk is dat earst titel en dichter neamd wurde. De foardracht is dan noch net begûn. Nim dan de tiid om konsintrearre útein te setten. Set it fers yn in stilte: it is in wrâld op himsels. Dêr kin soms de titel ek by hearre; dy soe dan werhelle wurde kinne. En oan 'e ein net fan: heu, 't is dien!


Der binne minsken dy't nei jierren noch oer ien foardracht prate fan ien fers troch ien foardrager. Sivirsky\*\*) skriuwt: "De beste voordrager is hij, die de verbinding tussen maker en toehoorder het volmaaktst tot stand brengt. Deze magie is aan weinigen, wellicht aan niemand, in haar volheid gegeven. De kunst van het voordragen moet ook door noeste vlijt ontwikkeld worden. Hierin ligt ook de grote waarde van het voordragen." It mei ynmoed besykje is it bêste wat jim dwaan kinne en dat hat it publyk al hiel wat moaie mominten besoarge.

Faaks dat dat troch dit stikje noch faker bart.

\*) A. Sivirsky, De stem van de dichter

A. Sivirsky en A. Vogel, School der voordrachtskunst

\*\*) earstneamde wurk, side 1



universe

du

auto precise key base

how things like things

umbrella and drawing

like things in by

cybernetic use machine ignorant

length of your mind can't see

lower code of system super

things in the way of

# Starters

### Siik

Ik bin noait siik.  
En dat fyn ik mar neat.  
Nea in lyts grypke of snipferkâlden.  
Nea yt ik ris wat ferkeards.

Myn suske is sa faak net lekker.  
Dan mei sy mei in krúk op bêd.  
Dagenlang leit se dan foar de telefyzje  
en elkenien dy't har dan bedjert.

Ik brek nea in bonke.  
Al sky ik by de swartste piste del.  
Ja, wat blauwe plakken en in bult,  
moatst net leauwe dat ik dan mei tel.

Net sa as Wytse ôfrûne winter,  
doe't er de earm yn it gips hie.  
Elk op syn gips omkalke,  
om't er sa begrutlik wie.

Ik ha skjîn myn nocht.  
Moarn bin ik sa siik as it mar kin.  
Ik moat dan beslist de hiele dei telefyzje sjen.

Mem! Hat mem in aspiryntsje, ik fiel my freeslik min.

(net earder publisearre)

## De earste kear

Foar de earste kear  
sil ik mei de trein,  
want op 'e fyts nei Ljouwert  
dat is best in ein.

Foar de wyn nei Akkrum,  
dêr is myn treinstasjon.  
Ik keapje dêr in kaartsje,  
oars riskear ik fêst in bon.

Mar sa'n apparaat?  
O godskes, dit is myn debút.  
Myn pinpas slokt er yn,  
mar spuit 'm - hoera - ek wer út.

Blyb blyb, it kaartsje skenne  
da's in fluitsje fan in sint.  
En op it plakje by it rût  
sit ik noflik op myn krint!

Fan it perron yn Grou  
komt de kondukteur oansjitten.  
Hy ropt: Jo kaartsjes asjeblyft!  
Bliksem, wêr ha ik dy no litten?

Fiel ik yn myn tas en bûsen,  
wat die ik dêr no mei?  
Ik krij it waarm, gleon en hyt,  
swit klotst my út de oksels wei.

Dêr fiskje ik it út myn jaske.  
Appeltje eitje, dit rint mar as it spoar.  
Yn Ljouwert druk ik op 't knopke:  
ferdoary, de ferkearde doar!

(net earder publisearre)

## Griene fingers

Heit betocht in nije hobby,  
griente kweke yn in kas.  
Hy sei, ik ha griene fingers,  
dus dat komt my goed fan pas.

Boppedat is it goedkeaper,  
handich en geweldich sûn.  
Beantsjes, blomkoal en tomaten  
komme aanst fan eigen grûn.

Hy begûn mei sied yn bakjes,  
en it spul kaam ek noch op.  
Mar it slaad wie foar de slakken  
en de bieten bleaune slop.

Op 'e koaltsjes krûpten rûpen,  
skimmels lesten graach koerzjet.  
Om 'e woartels dûnsen michjes,  
ek de sprútsjes rêden 't net.

Inkeld yn it fierste hoekje,  
die de bamboeplant it bêst.  
Dy groeit no de hiele tún troch,  
jout sels by de buorlju lêst.

(net earder publisearre)

## Oarloch is: foar alles bang

Oarloch is: foar alles bang,  
noait net witte foar hoelang  
de soldaten yn 'e strjitte  
fjochtsje en op alles sjitte.  
't Kin net skele yn hokker taal,  
oarloch is in wreed ferhaal.

Oarloch dy't de wrâld ferskuort,  
is foar ús in hiel ein fuort.  
oare lannen ha dat lijen,  
't hat dochs neat mei ús te krijen?  
Wy ha ommers yn dit lân  
sels net oars as frede hân.

Is dy frede hjir oprjocht?  
Binne wy net yn gefjocht  
as wy skelle, slaan en skoppe  
en gemiene nammen roppe,  
sizze: do dochst net mear mei?  
Dat wurdt oarloch op in dei.

Frede moatt' wy altyd dwaan,  
oaren plak en romte jaan,  
rekken hâlde mei ferskillen,  
elk belûke yn ús wille,  
diele mei wa't minder hat.  
dan komt frede neat tekoart.

(út: *Tusken rein en sinne*, 2008)

## Beppe en ik

't Ljocht is griis, de sinne kâld.  
Fannacht is se stoarn, ús beppe.  
Juster wie se noch oan 't skreppen  
yn 'e tún, tachtich jier âld.

Beppe dy't my ferskes learde  
en dy't mei my spultsjes die,  
Altyd wat te snobjen hie  
en om myn rapporten bearde.

Op in jûn, krekt dizze wike,  
liet mem my in foto sjen  
dêr't ús beppe op stie as bern.  
Ik seach hoe 't se op my like:

Sy wie doe ek tolve jier  
en se hie myn noas, myn eagen.  
Ik wie wis dat se har pleagen  
mei har wite, rjochte hier.

En no, dizze nije moarn  
moat ik oan dy foto tinke,  
stiet dat fanke dêr te winken,  
'k sjoch har yn de spegel oan.

Hjoed wol ik opnij begjinne,  
want ús beppe is net wei.  
'k Draach dat famke yn my mei,  
en sy lit my net allinne.

(út: **Argyf FeRsefariaasje**)

## Laitsje

Wy ha wol in núv're sykte,  
Myn freondinne, sy en ik.  
Wy kinn' wol in oere laitsje  
en dêrnei krije wy de hik.

No, dêr moatt' wy wer om laitsje,  
Sa giet dat de hiele dei.  
Ja, it is miskien wol nuver,  
mar wy ha 't, wy sitt' der mei.

Want wy laitsje hast om alles,  
ek al is der suver neat.  
'k Hoech soms mar ien wurd te sizzen  
en dan giet it al ferkeard.

Ja, 't is soms ek wolris lestich:  
ûnder skoaltiid is 't sa'n toer.  
Krij' wy dan in lytse oanfal,  
wurdt ús learaar fuort wer poer.

Moatte wy ús dus bedimje,  
tinke w' oan wat slims of sa,  
ûngelokken, dat ien dea is,  
wa't it is docht der net ta.

Meastal duorret dat mar eefkes  
en dan is it al wer mis.  
'k Tink net dat ús núv're sykte  
oait wer te genêzen is.

Nee, in oar kin 't net begripe,  
se ferklearje ús foar gek,  
fine ús twa heale wizen:  
gichelkont en gibelbek!

(út: **Smoarge Smjirkerts**)



## Neven

Alle libben hat in sin  
oan 'e ein en by 't begjin.  
Sels al hat men op in jûn  
in neefke op 'e keamer fûn,  
dat jin nitelet en pjokt,  
sadat men sa'n bist ferflokt.

Earst is dêr in sacht gesang,  
mar dat duorret net sa lang,  
dan ynienen strykt er del,  
stekst jo yn it bleate fel,  
even letter – ja ferduld –  
sit dêr al in grutte bult.

Dan swar ik oan 't stomme bist  
dat 'k him krije sil, beslist.  
'k Speur lâns souder en gerdyn  
oant dat ik him einliks fyn,  
want men stiet der fan te sjen,  
wêr't sa'n neef net sitte kin,  
mar krij ik 'm yn 't fizier,  
slaan ik him oan barrels, wier!

En dan dûk ik wer gerêst  
einlings yn it waarme nêst.

(út: *Argyf FeRsefariaasje*)

## Talint

Fjouwer wie ik, doe koe 'k fytse.  
'k Hie myn nocht fan it gerin.  
Fleurich fleach ik oer de stoepe.  
'Sjoch ris memmy wat ik kin?'

Doe 't ik fiif wie woe ik swimme.  
No, dat ha 'k doe ek mar leard.  
Op myn seisde krig' ik redens,  
'k waard de fluchste fan de feart.

'k Gie op kuorbal doe 't ik sân wie,  
letter kaam dêr 't keatsen by.  
De iene beker nei de oare,  
wat wie memmy grutsk op my.

Bugel spylje, taarten bakke,  
beamkeklimme, hynstesport.  
En op skoalle hege sifers,  
elk jier wer in goed rapport...

No ha 'k foar it earst ferkearing.  
Dat wie noch in hiel gedoch.  
'k Ha der bot oan wenne moatten,  
mar no ha 'k it trúkje troch.

Mem dy hat neat yn 'e gaten,  
gjin idee wêr't ik jûns bin.  
Soe mâl opsjen as se wiste  
wat ik allegear al kin.

(út: Argyf FeRsefariaasje)

## Sportyf

'k Mei hiel graach yn 't swimbad lizze  
en ik swim ek bêst wol hurd.  
Mar sa'n startblok en dan dûke?  
Kram'le nee, dan bin 'k sa'n tut.

'k Mocht ek hiel graach hynderride,  
yn 'e bak en moai yn 'e rûn.  
Mar as 't bist begûn te draven  
dan stie 'k gau wer op 'e grûn.

'k Stie ek fakernôch op redens,  
ja, op 't iis hie ik sa'n nocht.  
Mar 'k ried inkeld rjochte eintsjes,  
want ik doarst de bocht net troch.

Yn 'e ringen koe 'k net hingje,  
op 'e fyts stie 'k op 'e rem,  
surfe die ik yn 'e lijte,  
'k lei by judo 't leafst mar klem.

Alle sporten fyn ik machtich,  
'k bin ek hiel sportyf, seit elts.  
Mar ik bin sa'n bange skiter,  
no dan wurdt it niks fansels.

'k Wit it sels, 'k bin net in topper,  
mar dy top is flauwe kul.  
'k Fyn it leuk, 'k sil no te silen,  
mar ik hoop op wynkrêft nul!

(út: **Argyf FeRsefariaasje**)

## De stjerren

Hast wolris nei de stjerren sjoen,  
soesto se telle kinne?  
Moatst mar ris riede op in jûn  
hoefolle it der binne.

Hast wolris neitocht hoe't it sit,  
sa'n stjer dat is in sinne,  
mei allerhande soarten fan  
planeten deromhinne.

Moatst foar de aardichheid ris dwaan,  
ienkear gewoan besykje.  
Mar tsien minuten, in kertier,  
hoe lyts as wy dan lykje.

Foardatst it witste, dreamsto fuort,  
't is altyd wer in wûnder;  
dat fjild mei stjerren yn 'e loft,  
en wy, hiel lyts, dêrûnder.

(út: **Freedtemiddei frij**)

## Superfood

Us mem hat de smaak wer ris te pakken  
Bytiden is sy wier net goed  
Sy stiet de hiele dei te bakken  
Want wy bin' oan de superfood

Pakjes en pûdsjes binne ferline tiid  
Alles moat dus bio, fresh en raw  
Mar it iten dat ús mem no siedt  
Dêr bliuw ik it leafst fan ôf

Kikkereartepasta en koekjes fan spelt  
Ik fyn it eins in grutte griis  
It is foar my de smaak dy't telt  
It hoecht om my net sa healwiis

Har resepten fynt sy fia de media  
Praat oer Fajah, Rens en Jeanet  
Lêsten frege ik har: quino-wa?  
Mar dy grap snapte sy net

Heit stipet ús mem, dat is wis  
Mar ik fyn it wol hiel apart  
Dat sûnt ús iten 'super' is  
Hy jûns hieltyd wurkje moat

Ik mis de bôle, sels de spruten  
Eartiids wie it goed foarinoar  
Fuort mei dy siedden, pitten, nuten  
Want ik bid der net mear foar

(út: *Argyf FeRsefariaasje*)

## Wat wol sa'n beppe noch...

Us beppe hat in kreaze wente  
mei foar in stoepe en achter in terras.  
Foar alle ruten griene planten,  
ien mei kleur der tuskenyn.  
Poeke mei yn de sinne sitte,  
beppe ferskoot dan it gerdyn.

Yn de garaazje it Renaultsje en  
de fyts mei batterij.  
Oeral hinne mei in freondinne,  
oant ús beppe tsjin ús sei:

'Ik ha nije plannen. Jou my op foar  
'Dreamhûs socht', 'Ik vertrek' of  
'Boer zoekt vrouw'!

Earst tochten wy dit is in grapke  
wat wol sa'n grize beppe no.  
Fier fuort? In oar hûs? En hjir  
binne boeren by de rûs.

Mar nee, ús beppe is der wis fan,  
sy wol tútsje op TV of ferfarre nei it suden,  
yn de gong stean koffers ree.

Us mem dy is yn alle steaten.  
Kin der mei it ferstân net by.  
'Beppe, sjoch no om jo hinne,  
hjir ha jo alles, hjir bin wy!'

Us beppe strielet as de sinne,  
'Leave', seit se, 'Jimme kinne  
it hjir skoan rêde sûnder my.  
Kom sa út en troch mar ris del  
foar in gesellige útfanhûzerij'.

(út: Argyf FeRsefariaasje)

atuna huse huse huse  
universe above huse drinki drinki  
auto precise key huse  
huse huse esse huse  
umbrella and drew  
esse huse huse  
occur huse esse huse huse  
length of years and huse  
lower color of huse huse  
huse huse huse huse  
huse huse esse huse

# Trochsetters

## Wierheid as in ko

der wie ris in Doede  
dy't swart op wyt sei  
'wie 'k mar in ko  
dan tocht ik net sa djip nei'

no, dêr ha ik oars  
wol wat fragen by:

hat in bolle  
net al te folle  
oan de holle?

is in keal  
yn wêzen  
as wêzen  
mar heal?

is 'ko'  
koart foar  
'koartsichtich'?

wês foarsichtich!

wat witte wij  
fan it sielelibben  
fan kij?

spant net de siel  
fan de ko  
oer de hiele molkewei?

dat hillige bist  
wjerkôgjend op wysheid?

Dus Doede, mei alle respekt;  
sis do mar even neat  
want wa't de ko ûnderskat  
dy hat it altyd ferkeard...

(net earder publisearre)



## Yn myn uppie

Elske giet mei Peter  
Sanne mei Jamal  
Femke stiet nei skoaltiid  
mei Harry yn 'e hal

Bo fytst fuort mei Achmed  
Renée mei Lidewij  
ik hâld har tsjin de wyn yn  
yn myn uppie amper by

mar jûns as ik op bêd lis  
en gau myn eagen slút  
dan dream ik blonde hierren  
fan klean en langsum út

we lizze op ús skûlplak  
dêr by de fyfde beam  
se byt my sêft yn 't ear en  
flústert sacht: is dit in dream?

dan ropt en raast de wekker  
wint de nacht net fan de moarn  
is de magy ferbrutsen  
mar kin ik de dei wer oan

Elske giet mei Peter  
net mear troch ien doar  
Femke skriemt nei skoaltiid  
Harry hat in oar

Bo triuwt Achmed's fyts om  
hy sjocht skuldich nei de grûn  
ik stap fluitsjend op 'e trapers  
haw no al sin oan jûn

want aanst as ik op bêd lis  
en gau myn eagen slút  
dream ik wylst oaren skrieme  
fan Anna, Nynke, Janna, Ilse, Lize, Linda, Lotte, Laura, Froukje,  
Femke, Maeike, Maud en Fardau harren tút

(net earder publisearre)

## Hurdfytser

Us pake Jan kocht lêstendeis  
in nagelnije fyts.  
Hy soe der wakker mei op reis  
nei Ljouwert en Parys.

'In proefrit is in goeie test,'  
sei pake Jan tsjin ús,  
'dy akku docht it superbest  
en ik bin sa wer thús.'

Dêr stode pake as in spear  
de holle op it stjoer.  
Wy seagen him al hast net mear.  
It slydjage der oer.

Mar yn 'e bocht gong er om lyk  
hy fleach himsels foarby,  
kaam hurd telâne op 'e dyk,  
bleau lizzen dêr 't er lei.

No sit er mei de foet omheech  
achter it finsterrút.  
De fyts stiet stikken yn 'e steech  
en komt der net wer út.

Dus komme wy mei in idee,  
der giet ús neat te mâl.  
Wy helje by ús neef Renee  
de e-bakfyts fan stâl.

Dêr sit ús pake Jan no yn  
de minsken wiuwe blier.  
Sa hat dy gipsfoet elkenien  
in dizze buurt yn 't spier!

(net earder publisearre)

## No hoi

dus jong do woedest prate  
no net sa stil, kom, fertel  
nee ik haw hielendal neat yn 'e gaten  
nou nou nou, ien grutte hel

lit my net laitsje  
do bist by my weigien  
en no moat ik my soargen meitsje  
witst, al dy tiid dat wy tegearre wienen

ach lit ek mar, ik gean  
no omdatst my hartstikke sear dien hast  
en de deis dêrnei sjoch ik dy mei in oar stean  
ik begrutsjen mei dy, ach barst

mar hee, hee, ik bin wol mei dy oan, fanke  
nee, net omdatst no dumpst bist  
nee, net omdatst hjir stiest te janken  
mar omdatso letter sjen silst

dat ik wol wit wat wiere leafde is

no hoi

(net earder publisearre)

## Alle dagen mar net hjoed

Alle dagen rint er mei de hûn  
by ús foar de finsters del

nee, dat sis ik net goed  
hy rint op 'e dyk en ik  
sjoch him troch it rût fan  
it kajút dêr't ik oan myn buro  
sit te húswurk meitsjen

hy hat in griene jas oan  
alle kearen wer deselde  
en in blauwe broek  
nea wat oars

lange grize hierren  
stekke him ûnder  
de mutse wei

earder luts de man de hûn  
sûnt in pear moanne lûkt  
de hûn de man

de lêste wike liket de earm  
fan de man alle dagen  
langer te wurden

juster tocht ik moarn  
stek ik de hân nei him op...

(net earder publisearre)

## Dit is myn toan

'k Wol in wille-wyske sjonge  
op de aldermoaiste toan,  
foar dy iene leuke jonge  
dy't my app-te fan 'e moarn.

Mar soms dy boaze dream  
fan falske toanen yn myn stim  
en fan in tichte kiel;  
dy twifelstim, ik haatsje him.

'k Wol in lietsje klinke litte  
en dat giet oer hy en sy,  
want hy moat it hjoed noch witte  
dat ik sjong fan ús en wy.

Mar soms in bang gefoel  
dat ik dy heechste toan net rik,  
dat ik gjin adem ha  
en yn 'e moaiste klanken stik.

Mar dan...

sjong ik de twifel út myn longen  
en de eangst ferdwynt gewoan.  
Noait hat ien sa suver songen,  
dit bin ik, dit is myn toan!

**(net earder publisearre)**

## Hipperhapkes

Op it mêd fan iterij  
woll' se graach wat nijs betinke.  
Elk jier komt der wol wat by  
om te iten of te drinken.  
Mar dit is dochs wol wat gek:  
hâlde s' ús no foar it lapke?  
Mei wat nijs: insectensnack,  
yn it Frysk in hipperhapke.

Op in roaster, lekker hyt,  
yn 'e oven kinst se bakke.  
Sa kinst moai dy hippers kwyt,  
't is as binn' se der foar makke.  
Aaiwytryk, alhiel net fet,  
better as in appelflapke,  
pûdsje chips of in kroket,  
nim dan mar in hipperhapke!

Ek al binn' wy wend oan fleis,  
dat wy op 'e bôle dogge -  
't liket wol ast it net meist,  
as wy wrimelpoatsjes sjogge...  
Wjukjes, eachjes hoeg' wy net,  
mar it is in hiel lyts stapke:  
mei panearmoal sjochst se net,  
dan yt elk wol hipperhapkes!

Mar eins griist it my wat oan,  
'k wol der leaver net yn bite.  
Nee, it is noch net gewoan  
om dy bistkes op te iten.  
Hâldst se my ûnder de noas,  
no dan tink ik: is 't in grapke?  
Want ik kies it leafst wat oars,  
ik hoech wier gjin hipperhapke.

(út: *Argyf FeRsefariaasje*)

## Ferhúzje

Us hûs sjocht der ferlitten út,  
mei de gerdinen der foar wei.  
It wurdt al leger efter it rût,  
sa fielt it ek yn my.

Ik rin temûk de keamer yn,  
dêr't it hieltyd rommer wurdt.  
En yn myn búk leit wer dy stien.  
Sa kâld is dy en hurd.

Ik rin nei boppen foar it lêst,  
myn fuotten gean net mei.  
Se plakke oan de treppens fêst.  
Se wolle hjir net wei.

It rûkt hjir sa fertroud nei my.  
Moarn sliept hjir in oar bern.  
Ik bin der wis fan dat ik har  
of him net útstean kin.

Op it behang is noch it skaad  
fan posters fan myn stjer.  
En troch it rût, yn de âlde beam,  
kin ik myn hutte sjen.

Wat moat ik yn dat oare hûs,  
dêr't it nuver is en nij?  
Ik krûp aanst yn 'e âlde beam  
wurd yn myn hutte wei.

Us hûs sjocht der ferlitten út,  
mei de gerdinen der foar wei.  
It wurdt al leger efter it rût,  
sa fielt it ek yn my.

(út: *Argyf FeRsefariaasje*)

## Wêr sille wy ús nei wenjen sette

Litte wy ús nei wenjen sette yn in hûs by see  
dêr't bolsterige stoarmen om 'e doarren spûkje  
en 't sâlte wetter bluistrich tsjin 'e ruten slacht.  
In stive wyn waait troch ús hier,  
wy gean lâns 't strân  
en fine dêr de aldermoaiste dingen:  
in leech benzineblik  
in âlde bernewein  
in heal ferrotte beam  
en ek in pear pantoffels,  
in sok, in plestik fles  
in ljochtblau kabeltou  
en fûgels ûnder 't fet  
o ja, wat fyn we net.  
As jutters fan professy sette wy nei hûs werom  
de earmen fol mei heal ferware planken,  
swier fan it wetter  
skielk goed foar it iepen fjoer.

Litte wy ús nei wenjen sette yn in hûs by see  
want dan is elke dei in wûnder aventoer.

(út: Neierhân, samle fersen)



## It famke

Sy is it flinterflugge famke, dat lykas  
streamend wetter oer de diken draaft.  
Har fuotten meitsje weachjes yn it sân.  
Blau mei sulverriedden is har spikerjas.  
Ljocht as farske molke har lang hier en  
sterk en bûchsum yn 'e wyn har rêch.

Altyd hastich is se, altyd ûnderweis nei  
huzen dêr't se freonen fynt, nei tunen  
dêr't de sinne skynt of in feest begjint.  
Oeral sjochst har kommen, oeral gean.  
Siket om in plakje elke dei opnij, dêr't  
se dûnsje kin en lekker gekdwaan mei.

Want oan 'e ein fan alle dagen wachtet  
har it deastil hûs. Dat grypt har en dat  
fangt har en yt har mei syn swarte mûle  
altyd op. Dêr is it tsjuster en befriest se.  
Dêr wachtet har in stilsteand swijen en  
sjogge koele eagen har fan ôfstân oan.

Mar sy is it flinterflugge famke en giet  
as streamend wetter oer de dyk. Ienris  
sil se hiel hurd drave en dan sjocht se  
net mear om. Ienris fleant se hiel fier  
fuort en komt se net werom.

(út: *Argyf FeRsefariaasje*)



## skriuwblok

ik socht strofen yn strjitten  
en yn stegen  
sammele sinnen by de singel  
fandele frazen yn 'e frjemdte  
en faker noch ticht by hûs  
plôke hjir en dêr wat wurden  
út 'e berm

by de opfeart klotsten de  
rigels by de wâl op, bleaune  
stykjen yn 'e reiden  
ik naam se mei mar  
even fierder by it heechhout  
ûntsnapt en se al út myn holle,  
ferdwûnen as de lêste skries  
sûnder ek mar in spoar

seach noch wol in protte wurden  
graffiti op bliue muorren  
leave letters kerve yn bast  
frjemde tekens ferve op 'e dyk  
mar der bleau net fan hingjen

no sit ik mei in lege holle  
foar in sniewyt skerm,  
myn fingers bliuwe stil  
it toetseboerd ferstomme  
dat prachtfers sil der dus  
wol net mear komme

(net earder publisearre)

## simmer!

snoei de tûken by it tredde each  
blaas de bûnte blêden op in bult  
lit it ljocht wer streame oant  
it oan 'e woartels rikt  
en bou de klyster in gloednij kleaster  
sadat er sjongt oant yn de lette jûn

ast langút lizzen giest  
kinst wer de wolken skowen sjen  
en it flinterknipperjende foske  
dûnsjend mids de miggen  
faaks hearst ek it brimstich  
brommen fan 'e brims

hellest wier it foarjier net werom  
mei keale knoarren en knipte twigen  
of in fûgelfluitsje hjir en dêr  
dy iene swel komt sels wol as it him sinniget  
en ast it dy dan oan tiid dochst  
wurdt it fansels wer simmer!

(net earder publisearre)

## Wachtsje

Alle dagen opnij stiet sy,  
by de bushalte, op him te wachtsjen.  
Yn waar en wyn.  
Yn winter en simmer.  
It makket net út.  
Alle kearen as de bus har temjitte komt,  
hâldt sy de siken yn.  
Sit er yn de bus?  
It soe dochs kinne,  
Miskien...  
Alle dagen draacht sy in koffer fol hope mei.  
Hy is swier,  
sa freeslik swier.  
De koffer is tenein.  
De tsjiltsjes fersliten.  
Wat sil se dwaan as hy útstapt?  
In tút, in lichem dat in lichem fynt?  
Sil se gûle, swije, laitsje?  
Se wit it net.  
Se sil it nea witte.

(net earder publisearre)

## Noed

Ik moffelje myn hannen djip  
yn de bûsen fan myn jas.  
Hy hoecht net te witten...  
Hy hoecht net te sjen dat ik...

Hy nûndert in wize dy't ik net ken.  
Syn grize eagen nimme my hoeden op.  
Hy lûkt mei de mûlshoeke.  
Glimket er nei my?

It hert fladderet my as in skruten fûgeltsje.  
Myn eangst is as in hynder dat opskrillet.  
It swit glydt my as in slang oer de rêch.  
Ik huverje.

Ik wifkje, moat ik...?  
It skaad fan de dei glydt oer my hinne.  
Kjeld krûpt my oer de lea.  
Skimer lûkt as dize oer de strjitten.

En dan stiet er ynienen stil.  
Syn eagen glide oer my hinne.  
De siken stykje my yn 'e kiel.  
De spieren spanne my.

Dan slacht er ôf, de brêge oer, in steechje yn  
en fuort is er.  
De siken ûntsnappe my as in wynpûst.  
Ik wrot myn hannen út de bûsen  
en draaf, draaf... gau nei hûs.

(net earder publisearre)

## Swart op wyt

op slach wie ik wei  
fan dyn fluwielen kaft  
flamjend read  
dêr op de heechste plank  
yn 'e midden  
rymden ús titels  
romantysk  
kaft tsjin kaft

wy lienden ús letters  
wy setten ús sinnen  
wy joegen ús wurden  
se stienen swart op wyt

ús ferhaal, dielen en dielen  
sûnder komma's, sûnder fraachtekens  
poëzij  
mei gjin pinne te beskriuwen  
allinne wy ferstienen ús taal

wy lienden ús letters  
wy setten ús sinnen  
wy joegen ús wurden  
en it stie swart op wyt

mar dyn styl bliek fiksje  
net mear as in mearke

**(net earder publisearre)**

## Douglas Highschool

in rêchsek leit ferlitten op it plein  
de rits as mûle dy't om siken wrot  
in raffelich papier rydbosket yn 'e wyn

yn 'e skoalle sweevje spoaren  
fan kûgels dy't troch de gongen fluiten  
en reade rûntes lutsen op 'e flier

thús steane sportskuon op 'e matte  
in stoel wachtet by de itenstafel  
'oant jûn' wie in wurd om 'e nocht

in rêchsek leit yn in see fan blommen  
foar santjin nammen yn wite weagen  
fan roazen dy't net bloeie sille

**(net earder publisearre)**



## It famke mei de hûn

It is in toanielstik  
tink ik  
in film of  
in oefening foar as  
der rampen komme

ik sjoch huzen sûnder  
finsters en doarren  
sûnder dakken  
sûnder muorren sels

gebouwen mei ferlerne  
tuorren en brêgen op  
it liif yn it wetter

auto's sûnder ruten op  
leke bannen dêr't doarren  
iepenslein yn 'e modder hingje

minsken sjoch ik op stoepen en  
op strjitten foaroerlizzend of  
op 'e rêch langút of  
rûngear

dan sjoch ik in famke mei  
in hûn by in jiske-amer

ik sjoch dat it in  
echt famke is en in  
echte hûn...

**(net earder publisearre)**

## Liebesinsel

De see wie blau en helder as in spiegel  
De sinne blonk, it wie in waarme dei  
En sokke dagen lis ik yn 'e regel  
Op 't strân te slomjen en myn hûntsje mei.

Mar diz' kear net, no syld' ik oer de weagen  
Nei 'n eilân dat yn 'e fierte lei,  
It Liebesinsel, om mei eigen eagen  
Te oanskôgjen wat men dêr wol net fan sei.

Mei gouden reid is it dêr rynsk omseame  
En it fjild ferjûn fan blommepracht en sa  
En wier, it lok, hoe sil ik it beneame,  
It groeide dêr oant yn 'e himel ta.

Dêr socht ik om, al kaam it fier fandinne  
En nim it mei nei hûs, 'k hie sa'n ferlet.  
Al wie 't in sprankje, wat soe 'k dy beminne,  
Dy koezje oan myn waarm en klopjend hert.

De see wie blau en helder as in spiegel,  
Ik lei op 't strân, myn hûntsje wie wer mei,  
It lok net fûn, want sa as yn 'e regel  
Hie ien my foar west op dyselde dei.

(út: *Alter ego*, 2007)

## Wetter, stien en sân

wetter, stien en sân  
lizze yn de palm fan myn hân

koe ik mar:

swimme yn de stien  
drinke fan it sân  
en sliepe op it wetter

mar foar alles is in tiid  
en in plak

want slim te begripen  
de ienfâldichste saken:

dat lizze kinne yn de palm fan myn hân  
wetter, stien en sân

ljochtsjend grien  
rôlje de golven oer elkoar  
yn folsleine perfektsje  
mar spatte  
op de swarte rotsen

de see bringt en nimt  
mei kanteljende tijen

mar wat bliuwt:  
wetter, stien en sân

hja bliuwe  
en jouwe de falske hope  
op ûnstjerlikheid

(út: **Wetter, stien en sân**)

## Heit

stim troch de tillefoan  
jo moatte net kjel wurde  
meitsje dy dan mar klear  
sis mar heit is dea  
God God ús heit  
de dokter neamde yn 't latyn  
de oarsaak fan syn dea  
mar wie fier mis  
it wie gewoan yn 't Frysk  
ûnwennichheid

de deadewein ried plechtich  
– sa'n 35 km tocht ik –  
lâns syn fiskwetter  
syn ljipaailân  
ús heit syn fûgels rôpen útlitten  
en syn stomme fisken  
repten har fan hjir nei dêr  
it wetter skittere  
de greide wiuwde  
doe't heit troch it lânskip ried  
en it foargoed ferliet

ús heit is wei  
no is der nimmen mear  
dy't my as poppe koe  
en wa't ik freegje kin  
wat iksels net fan my wit

allinne oan it fiskwetter  
yn it ljipaailân  
sjoch ik as troch in omkearde kiker  
syn dûbeld stal  
noch wolris bokseljen  
de donkerblauwe jopper  
mei de kraach omheech  
ik doar him net te roppen

(út: Bitterswiet, samle fersen)

# Ynhâld fersen 2018

## Starters

Berber Spliethoff	<b>Siik*</b>	12
Ciska Noordmans	<b>De earste kear*</b>	13
Jurjen van der Meer	<b>Griene fingers*</b>	14
Margryt Poortstra	<b>Oarloch is: foar alles bang</b>	15
Harmen Wind	<b>Beppe en ik</b>	16
Jelle Bangma	<b>Laitsje</b>	17
Tsjits Peanstra	<b>Neven</b>	18
Jurjen van der Meer	<b>Talint</b>	19
Jelle Bangma	<b>Sportyf</b>	20
Jurjen van der Meer	<b>De stjerren</b>	21
Jorn van der Schaar	<b>Superfood</b>	22
ytsje hettinga	<b>Wat wol sa'n beppe noch...</b>	23

## Trochsetters

Arjan Hut	<b>Wierheid as in ko*</b>	26
Wiebe Kaspers	<b>Yn myn uppie*</b>	27
Yttje Cnossen	<b>Hurdfytser*</b>	28
Wiebe Kaspers	<b>No hoi*</b>	29
ytsje hettinga	<b>Alle dagen mar net hjoed*</b>	30
Jelle Bangma	<b>Dit is myn toan*</b>	31
Grytsje Kingma	<b>Hipperhapkes</b>	32
Giny Bastiaans	<b>Ferhúzje</b>	33
Tsjits Peanstra	<b>Wêr sille wy ús nei wenjen sette</b>	34
Elske Kampen	<b>It famke</b>	35

## Toppers

Henk Nijp	<b>skriuwblok*</b>	38
Henk Nijp	<b>simmer!*</b>	39
Berber Spliethoff	<b>Wachtsje*</b>	40
Berber Spliethoff	<b>Noed*</b>	41
Wiebe Kaspers	<b>Swart op wyt*</b>	42
Yttje Cnossen	<b>Douglas Highschool*</b>	43
ytsje hettinga	<b>It famke mei de hûn*</b>	44
Roel Slofstra	<b>Liebesinsel</b>	45
Joop Boomsma	<b>Wetter, stien en sân</b>	46
Tiny Mulder	<b>Heit</b>	47

\* = net earder publisearre

